



KOWEBLOMKES

IT WAAR HJOED:



DE DATUM:

Elkenien ken koweblomkes (skieppeblomkes).

Al binne se lyts, sjochst se oeral. Har wytgiele blomkes falle op yn it griene gers. Koweblomkes bloeie it hiele jier troch. Genôch tiid dus om se goed te besjen.

WAT HAST NEDICH?

- Underlisplaat
- Ilestykje
- Potlead

A.

Gean nei in gersfjild dat simmers meand wurdt.
Dêr fynst fêst koweblomkes.

B.

Sjoch earst nei de bledsjes.
Dy sitte
☐ ferspriedt oan 'e plant
☐ mei twa tsjin-inoar oer
☐ yn in krânske

C.

Hoe sjocht de râne fan de bledsjes derút?

.....

D.

Fiel ris oan de bledsjes. Wat falt dy op?
De bledsjes binne
☐ hierrich
☐ glêd
☐ tin
☐ stevich

E.

Priuw ris in bledsje.
Wat fynst derfan?

.....

.....



Bledsjes en blomkes fan it koweblomke binne ytber. Spiel se wol even ûnder de kraan ôf. Se kinne troch de slaad mingd wurde. Moai om thús ris te besykjen. Want se binne noch sûn ek!





F.

Sjoch nei it stâltsje fan in koweblomke.
De blommen steane op in KOART / LANG stâltsje.
Hoe soe dat komme?

.....

.....



De stâltsjes binne GLÊD / HIERRICH.

G.

Lês earst it stikje hjirneist.
Undersykje dêrnei de blom fan it koweblomke.
De wite blomkes binne KOARTER / LANGER as de giele.
Ik tink dat der MEAR / MINDER wite blomkes binne as de giele.

It koweblomke liket ien blom. Mar
eltse blom hat in soad blomkes ticht
by inoar. In râne fan wite blomkes.
En in hertsje fan giele blomkes.

H.

Besjoch de ûnderkant fan it koweblomke.
Wat falt dy op oan de kleur fan de wite blomkes?

.....

Sjoch ek oan de ûnderkant fan de blom nei de griene bledsjes.
Dizze bledsjes binne
☐ net like lang
☐ ûngefear like lang

As it donker waar is, binne de
blommen ticht. En ek jûns. De
griene bledsjes ûnder eltse blom
teare harren dan om de blom hinne.

Tel dizze griene bledsjes by in pear blommen.
De measte koweblomkes hawwe 12 / 13 / 14 bledsjes ûnder de blom.

I.

Sykje by in pear plantsjes nei blommen dy't noch yn de knop sitte.
De jonge knoppen sitte
☐ yn 'e midden fan de plant
☐ oan 'e râne fan de plant

